

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenen wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingablêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38
Nûmer 6, April 2024**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**



van Boonstra
Schoenmakers
VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

kiker, 24 oeren op in dei en 7 dagen yn de wike. Nea frij, dus. Yn 2024 sels 366 dagen.

Wurde wy net krankjoarum fan alles om ús hinne en fan al dy droktemakkerij? Der wurdt oer ús hearske en wy litte oer ús hearskje. Wy dogge mei oan in hierargyske wrâld en mienskip.

Witte wy eins sels wol dat wy dêr krupsjes fan krije en foaral swiersettich en teloar slein fan wurde?

Off-grid betsjut dat wy wer los komme fan alles dêr't wy net sûnder kinne of miene sûnder te kinnen. Ynernet en al sa mear ûnderoare.

In bestean moatte wy ha, fansels. Mar hokker bestean meie wy wol sels bepa-
le en hoecht net bjusterbaarlik te wêzen.

*De wrâld is goed, mar de
minken koene better, is in
siswize.*

Hawwe wy net tefolle wat
wy tinke dat wy wolle en
moatte en wat kinne moat
en wat samar foar eltsenien
welein is?

Eartiids hiene wy ús jierdei
en Sinteklaas en dan krigen
jo in presintsje en in sûker-
bitske dêr't jo wiis mei wie-
ne en dêr't jo al wiken fan
tefoaren nei útsjoen hiene
en oer praten.

We hawwe ús geast en lea
fersmoargje litten en dy
fersmoarging sit no yn de
loft, yn de grûn en yn it
wetter en makket allerheislikst nearzich en wanmoedich.
It is nea te let al tikket it klokje troch.

Hark!

Baukje Siderius



AG en M- en Y-dei op 29 maart 2025. It plak is op dit stuit noch net bekend



KRITEN:

De krite Hurderwyk hâldt op 9 april offisjeel op mei syn bestean. Der wienen noch wol sa'n 75 leden, mar der binne gjin bestjoersleden te finen. Dat is fansels tige spitich. Ek de krite SúdEast-Drinte stiet op omfallen - ek dêr it probleem fan gjin bestjoersleden.



Off-grid

arre binne.

It boek hat in warskôging foar ús ek yn dizze tiid om jo eigen 'ik' - yndividualisme- net kwyt te reitsjen. Bliuw ticht by josels en wês hoeden mei en yn josels en skruten en kritysk op de wrâld om jo hinne. Wy steane oan en yn de

Ynhâld Meidielingebled:

side

# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Fotyo's fan it optreden fan Fjoer	3
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Krittenijs	4
# Ut de boekehoeke	5
# Ferslach Algemiene Gearkomste en MYM fan it KFBou	7
# Ferslach fan it optreden fan Nanne en Ankie	11
# Ferslach fan it optreden fangteatergroep Fjoer	12
# Ut de Itensiederij	13
# 'HARK' fehaal fan Baukje Siderius	14
# Nijs fan it Keninklik Frysk Boun om Utens	16

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **1 juli 2024**.*

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: yvm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is € 25,= yn't jier / stipers € 15,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk.**

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma.**

FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden fan de Sékrite,

Dit is al wer it lêste boekje fan it winterskoft 23-24. Wy kinne wol weromsjen op moaie kritejûnen en –middeis. De jiergearkomste mei wol wat te min leden, muzyk fan trûbadoer Adri de Boer, de Krystmiddei, de Nijjersgearkomste mei sprekker Bert van Geel, sjongen fan Nanne en Ankie en foarige moanne teatergroep Fjoer mei toaniel. Oer it algemien komme der minder leden op de kritegearkomsten as oare jierren, wêr dat oan leit, kin ik gjin finger efter krije. Mar mooglik dat ik dat fan jimme hearre kin hoe dat komt. Stjoer in mailtsje of skilje efkes as jimme oare belangstelling hawwe dan wy betinke.

Lokkich hawwe wy de lêste jierren in stabyl ledetal, it skommelt sa tusken de 75 en 80, dus dat is moai. Seker neffens inkele oare kriterien, dy't fanwege it net krije kinnen fan bestjoersleden, de bruie der oan jûn hawwe. Ek ien fan ús buorkriterien is der mei ophâlden, de krite fan Hurderwyk.



It soe fansels moai wêze as der leden fan dizze krite oer komme nei de Sékrite. No, it begjin is der al, wy hawwe op de lêste kritejûn famylje Tilstra fan Zeewolde (de 2 minsken dy't rjochts op de foto steane) wolkom hjitte kind. Sy wienen hjirfoar lid fan Hurderwyk. Op de lêste jûn wienen der ek noch mear leden fan Hurderwyk en wy hoopje fansels dat der mear nei ús takomme. Wy hawwe yn elk gefal in hiele protte emailadressen

kriegen en wy hâlde de âld-leden fan Hurderwyk graach op de hichte fan ús riden en farren. Op de siden 11 en 12 stean de ferslaggen fan de 2 lêste kritegearkomsten: Nanne en Ankie en teatergroep Fjoer.

Fierder kinne jimme op side 4 al wer de datums sjen fan it nije winterskoft en oant en mei de Kryst hawwe wy elk al de ynfolling fan de gearkomsten regele. Op de siden 7 oant en mei 11 fine jimme it ferslach fan de 100-ste Algemiene Gearkomste fan it KFBou, makke troch |Jan Bosgraaf foar 'It Nijs'.

Bêste minsken, it bestjoer winsket jimme alle gearre in hiel moaie simmer ta en fansels in protte sûnens, sadat wy inoar wer yn novimer moetsje kinne.

Wy begjinne wat letter as oare jierren, op 2 novimber, y.f.m. ús fakânsje!

Groetnis fan jimme foarsitter, Jan Bijkerk.

wy dêr ús maatregels tsjin treffe.

As de gasrekken te heech wurdt, tuge we sinnepanielen oan of warmtepompen of noch nijere farianten yn hybride (Gryks: hybrys wat krusing of mingd betsjut) foarm.

As de brânstof yn de auto ús it iten út de mûle stjit geane wy oer op elektrysk riden.

As it trelit ús persoanlik treft yn sûnens, hawwe wy de alternative genêswizen foar better wurde kinnen, suver flugger en leaver en makliker foar eagen as de earder rieplachte rju learde (hús)dokter, dy't bytiden yn distiid smoardrok en sûnder tiid en omtinken is by al ús syktes, kwalen en oandwaningen.

Sa't de natoer te lijen hat, sa hat ek de libbene minsk dat.

Want soene der noch lju omstappe dy't sûnder piltsje binne? Moatte wy ús net mei swier fergif- en strielingsbehandelingen ensfh. yn en op it lichem behanneleje litte om alle krúpsjes dy't ús teheisterje tsjin te gean?

Hoe kinne wy it noch trochstean en moatte wy net harkje nei in kroanjende natoer en wrâld om ús hinne? Moatte wy net wer yn ús eigen dwaan en litten komme en ôfstân dwaan fan al de mooglikheden- op hokker mêd dan ek- dy't der binne, mar dy't ús úteinlik knetter meitsje, swiersettich en siik?

In bytsje dat goed is, is better as folle en dat tsjoed.

Gewoan wer oan de sûpengroattenbrij, weake bôle en tee mei sûker en molke? De boarstrok oan en de breiden broek wer om de hoksebokse.

Wy libje, mar wurde wy net libbe yn distiid of litte wy ús net libje? As wy tinke frij te wêzen en ús eigen frije gong te gean, hat

Google allang ús digitale wei folge en set ús op syn paad of doelbewust op in sydspaar.

Alles wit men fan ús en alles is 'watching you' oeral yn't rûn en dat is wat oars as *Blier laitsjend boulân, tierige greiden en sjongende fûgels, sânich de grûn*, it liet skreaun troch Harmen Sytstra, De Wâldsang.

Troch allerhanne fratsen wurde wy oeral yn de gaten hâlden, lestich fallen en is ús 'lokaasje' bekend.

'Big Brother is watching you' fan de Britske skriuwer George Orwell mei de titel 1984 dy't er yn 1948 skreau, is noch altyd in masterwurk.

It ferhaal dat er optocht, is dat alle minsken yn it troch him betochte lân algeuerigen yn de gaten holden waarden. "Big Brother is watching you"- Grutte broer hâldt jo oeral yn de gaten". Mei kamera's, dy't sels yn 'e huzen ynstalle-

Hark!

Garyp, 18 maart 2024

In hichtepunt yn myn libben: myn grintpaadsje oanharkje en de kjitten der mei de skoffel en eigenhannich hoeden úthelje. In kwestje en beuzichheid dy't jo byhâlde moatte en wêr't jo mei trochsette moatte, mar dêr't ik fakentiden fan genietsje.

Stil en warber wêze. My frij fiele, de holle hoecht net folle te dwaan en de hannen binne skrepsum, de lea ûntspant. Harkjende harkje nei 't feest yn de wrâld om my hinne.

Der wurdt roppen en raasd fan wille om't de maitiid him ûntjout yn al syn hear en fear; Hark!



Binne wy it iens? Hark!

Bliid bin ik om dit hjoed en hjir meimeitsje te meien en der my fan bewust te wêzen. Sa as mei sa'n soad dingen op dit stuit ha ik it kopke derby, wittende dat der al langere tiid dingen spylje yn ús fermidden.

Hoelang sil ik hjir noch fan genietsje kinne? Want binne der net djiplizzende saken dy't harren ôfspylje yn de wrâld en dêr't wy gjin weet fan ha- of ha kinne of- wolle?

Hoelang sille wy noch in maitiid hawwe, in simmer, hjerst en de winter kinne wy ús foar altyd wol út de holle sette.

Salang't der ús dingen persoanlik reitsje op it materieel flak as minske, sille



Ek wie der fansels wer in ferlotting mei moaie prizen en de sealpriis wie in moai boek mei de titel 'Vorstellijk tafelen in Nederland'. In unike beskriuwing fan 'e heitelânske itensiedersskiednis, grôtfol foarstlike gerjochten! In kostlik ferhaal oer de Nederlânske itensiederskeunst mei foarstlike gerjochten fan Kening Willem I yn 'e haadrol!



De spilers fan Teätergroep FJOER binne Baukje Stavinga, Sietse de Vries en Jeroen van der Meer. De regie is fan Afke Toren. Gelûd en ljocht: Rosa en Kevin



F.l.n.r.: Afke Toren, Sietse de Vries, Baukje Stavinga en Jeroen van der Meer.



De foto's binne makke troch Jan en Sjoerdsje Bijkerk. Alle foto's binne te sjen op it webstek fan it Keninklik Frysk Boun om Utens - krite Lelystêd

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2024-2025

DATUM	WAT KOMT DER?
2 novimber 2024 De Krakeling	Jiergearkomste en as der genôch belangstelling is potiten en ferhalenfertelster Baukje Siderius
23 novimber 2024 Teäter Posa	Kabaret Noordenbos & Ko mei 'Gjin C te heech'
21 desimber 2024 Teäter Posa	Krystmiddei û.l.f. it bestjoer fan it Sjongkoar
11 jannewaris 2024 De Krakeling	Nijjiersbesite
22 febrewaris 2025 Teäter Posa	Toaniel / sjongen / kabaret
12 april 2025 Teäter Posa	Toaniel

Set de data al fêst yn jimme bûsboekje!

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.

Troudatums foar safier it bestjoer se wit:

- Jan en Fetsje Meijer, op 6 maaie 65 jier trouw

Wy meie de adressen fan de leden net yn it boekje sette, mar as jimme in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

tentoanstelling hie yn New York. Dêr mochten de besikers in heale minút har yn de eagen sjen. De man seach har yn de eagen !

Konklúzje: sis nea noait!

It wie wer in prachtige jûn yn Posa. Der wiene sa'n 40 minsken. Ek minsken út Hurderwyk en fan de krite út Apeldoorn. It wie in moai petear mei grutte lapen tekst foar de spilers. Se hawwe it geweldich dien. Je kinne der oer nei tinke, hoe folje ik it libben yn. Gean ik efter de geraniums sitten of gean ik der op út. Lokkich siet der ek in soad humor yn.

Ik tink dat der foar elts wol wat werkenbers yn siet.

Oant sjen.

UT DE ITENSIEDERIJ

Frânske gehakskuttel

Yngrediïnten foar 4 persoanen:

- 500 gr kowegehak;
- 2 lytse fersnipperre sipels;
- Bûter;
- 6 woarteltsjes;
- 1 blikje tomatepuree;
- 1 ytleppel hakke peterseelje;
- 1 ytleppel hakte farske piipkrûd;
- Mespuntsje time;
- 1 laurierblêd;
- Bûljon;
- sâlt en piper;

Tameitsjen:


- Sied de ierappels en stamp se mei wat molke oant puree;
- Fruit de sipels yn in klontsje bûter oant se trochsichtich is;
- Foegje it gehak by de sipels, ried it los en bak it oant it brún is;
- Snij de woarteltsjes lyts en ried se troch it gehak, mei-inoar mei de tomatepuree en de krûden;
- Jit safolle bûljon by it gehakmingsel oant it der ûnder stiet;
- Bring it mingsel op smaak mei sâlt en piper en lit it noch rom 15 minuten gear stove;
- Ferwaarmje de ûne foar op 190°;
- Doch it gehakmingsel yn in ynfette ûneskaal en bedek it mei de ierappelpuree en oerjit de puree mei de smolten bûter;
- As jo fan tsiis hâlde, is it tige lekker om de ierappelpuree dêrmei te bestruien;
- Set de skaal yn de ûne en let him yn omtrint 15 minuten in krokant koarstke krije.

Yt lekker.

Groet, Yvonne.

Ferslach van it optreden fan teatergroep FJOER mei 'Alles went ?' op 23 maart 2024 yn Teäter Posa.

Makke troch Metsje Koopmans, sjoch ek side 3.



In man en in frou kuierje oer de Sineeske muorre, elts van in oare kant, 4000 km. Se moetsje inoar yn 'e midden, groetsje inoar en tinke dat se inoar nea wer sjen sille.

It toanielstik giet oer in man en in frou yn relaasje mei inoar. Yn ferskate fragminten krije jo stikjes to sjen fan harren libben. Hoe sij inoar tsjinkamen yn it Cambuurstadion. Hja siet foar him en hij tocht "dy moat ik ha." Hy wie skruten en frege net har telefoannûmer, mar hij kaam der op 't lest wol efter.

Se hakketakje wat ôf , bygelyks oer skoanmem," myn jonkje hâldt net fan stof". Hy hâldt fan in skjin útsicht". Letter docht bliken dat syn útsicht no de Hummer van de buorman is. En hy hat in ferskriklike trui mei hertsjes. Sy hat de trui yn 'e fik stutsen.

Yn de begjin jierren hiene se in soad wille, mei ûndogenske dingen sa as neaken swimme yn de Kralingse Plas.

No binne se mei pensjoen en hat hij by syn ôfskie (hy wie eigener fan ferskate sanitêr winkels) in ôfskiedsliet krigen. Neat van goud, gjin gouden horloazje, gjin gouden hândruk, nee in lied, op it ABC. No dan witte jo it wol, K= klosetpot of K foar keutel. Hy koe der net om laitsje. No sitte se dan wat thús, hy is wat opbaarnd, mar syn frou wol "libje", sit noch fol fjoer, op aventoer, se wol spanning! Se begjint in kursus keunstsiednis oan de universiteit. De man laket har út, se hat ommers mar MAVO. Mar se set troch. Se moetet dêr Thomas dêr se in soad mei oplûkt. Se hat in prachtich skilderij kocht. Mar hy fynt it mar neat.

Se giet mei de klup (frjemde fûgels) nei Rome op keunstreis en wit net oft se wol wer werom komt. Se fermakket har goed. Hy past wilens op it lytse jonkje fan syn soan en nimt de nedige buorrels. Hy is dwers en ferkeard en keapet út dwersens in hûn. Dêr er einliks neat fan hawwe moat. En doe stuts er it moaie skilderij fan syn frou yn 'e brân. As sy werom komt, komt der dochs wer wat waarmte yn 'e relaasje.

Konklúzje: soms kin je net mei inoar, mar wis net sûnder inoar!

O ja, de minsken fan de Sineeske muorre seagen inoar wer, doe't de frou in



UT DE BOEKEHOEKE

BOEKEN
FAN FRYSLAN

Dizze kear yn de boekehoeke in pear skriuwers dy ferhalebondels útjûn hawwe. Dit is faaks aardich foar de lêzer dy in hiel boek te folle fynt en no in koart ferhaal lêze kin, it boek oan de kant leit en in oare kear wer in oar koart ferhaal lêst.

Hylke Speerstra

Yn dit boek stean 9 ferhalen. Hylke Speerstra skriuwt ferhalen dy't lang hingjen bliuwe. Mar der binne ferhalen by, dy't altyd nij bliuwe sille. Se geane oer it hurde libben fan skipper, boer, dokter en sportman. In tal ferhalen stekt der boppe út yn spanning, humor en dramatyk. Yn dizze bondel binne Speerstra syn bêste ferhalen opnommen.



Sikke Doele

De Gouden teeman ferhalen.

Yn dit boek stean 7 ferhalen. De Gouden Teeman is it proazadebút fan Sikke Doele. Sikke wier keunstredakteur fan de Ljouwerter Krante. Yn dit boek helle Sikke Doele oantinkens op út syn jongestiid yn Ljouwert. De sfear fan de sombere fyftiger en sechtiger jierren wurdt beskreaun mei ynhâlden humor dy't soms nei it hilaryske útskaait. Dochs komt hieltiten ek de literêre fynpriuer oan syn gerak by it lêzen fan dizze ferhalen. Dat is no de krekt de keunst en dy hat Sikke Doele perfekt yn 'e fingers.



Jan Slofstra

In Simmertwirre en oare ferhalen

"Oan de râne fan de poel, likernôch in kertier rinnen fan it doarp, stie in sim-

merhúske, foar de helte op 'e wâl en foar de oare helte, oer it wetter, op peallen. Hjir soe Epke Tanja, trijëntweintich jier âld, syn simmerfakânsje trochbringe.”

Sa begjint it ferhaal In Simmertwirre fan Jan Slofstra.

Anne Koopmans



Fryslân Boppe, humoristyske ferhalen

Yn 1987 joech Anne Koopmans him op foar in skriuwerskursus. Oant dan ta hie er kwealik wat skreaun, mar hy blykte talint te hawwen en op oanrieden fan syn dosint stjoerde er in ferhaal yn foar de Rely Jorritsma-priisfraach. Yn 1992 krige er in Rely Jorritsma-priis foar it ferhaal *Sipke syn lêste reis* en yn 1993 wûn er deselde priis foar syn fers *Dimpte haven* en waard syn ferhaal 'Apparaten' datselde jier bekroand mei in priis yn de dialektewedstriid fan de Nederlânske dialektendei yn 's Hertogenbosch.

Yn dizze bondel stean 13 ferhalen. Yn 'e koarte ferhalen fan Anne Koopmans is alles mooglik, in kaptein rekket it paad bjuster tusken Burdaard en de ivichheid, in ônnôazel jonkje wurdt kening fan Fryslân, in man moat it hok oprêde en ynienen wol er witte wat de sin fan it libben is en it kofjesetapparaat bemuoit him mei dingen dêr't it net foar trochleard hat.

Yn ien resinsje oer it boek stie: “En jo, lêzer moatte stikemwei hieltyd faker laitsje om de komyske en absurde, mar altyd krûdige ferhalen fan dizze Fryske skriuwer.

Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444



Abe de Vries slút dizze tige nijsgjirrige rige lêzingen ôf mei ien fan Waling Dykstra syn ferhalen: ‘Oan de rjuchte besteld’, dêr't it publyk mei sân pear earen nei harket.

It wie in tige slagge, noflikke en o sa nijsgjirrige gearkomste.

*) De lêzingen fan Jensma en De Vries binne yntegraal op It Nijs kommen.

Ferslach fan it optreden fan Nanne en Ankie út de Gordyk op sneontemiddei 17 febrewaris 2024 yn teäter Posa.

Troch Jantsje Meijer.

De ôftraap wie om 14.45 mei it moaie ferske ‘Dizze Dei’. Sy hawwe ús in bytsje meinommen op harren protte optredens oer de hiele wrâld. Nanne en Ankie sjonge en spylje harren ferskes mei yn protte nocht en bringe dat goed oer oan ús as publyk. Se spylje ferskate ynstruminten ynklusyf in lytse Concertina dy't lyket op in bandoleon. Al mei al in slagge middei mei sa'n 35 besikers en in tige entúsjuste Nanne en Ankie.



Romeinen, de tiid fan Kening Redbad, it Magna Frisia en harren meinimt troch de midsiuwen oant yn de 19^e iuw, doe't der in earste Fryske beweging ûntstie. Dêrnei bringt Abe de Vries de oanwêzigen neier yn 'e kunde mei Waling Dykstra, syn libben en syn wurk. Waling Dykstra is neffens De Vries de populêrste en belangrykste Fryske skriuwer út de 19^e iuw. Hy kaam út in bakkersfamylje, mar hie sels net folle idee by it bakkersfak. Op syn 17^e begûn er mei it skriuwen fan Fryske ferhaaltsjes en gedichtsjes. Syn (lettere) teksten wiene net allinnich om te lêzen mar benammen ek om foar te dragen. Dêr rekke Tjibbe Geerts van der Meulen út Burgum troch yn 'e besnijing en de mannen begûnen toanielstikken te skriuwen, dy't jierrenlang rûnom yn Fryslân spile binne. Waling Dykstra hat de foardracht- en toanielkultuer yn Fryslân op gong brocht.

Dan hâldt Goffe Jensma in koart fraachpetear mei oerpakesizzer Waling Th. Dijkstra, dy't ek foarsitter is fan de yn 1947 oprjochte Waling Dijkstra Stichting. Hy fertelt it ien en oar oer syn foarâlden en syn wurk. En al praat er sels net Frysk,

de Friezen yn Fryslân en om utens moatte grutsk wêze op harren taal, seit Waling Dijkstra IV. Jensma giet dêrnei neier yn op de Fryske beweging en it Frysk, dat ek ferskate streektalen ken. Mar as jo no út it noardeasten of út it súdwesten fan de provinsje komme, Friezen fersteane inoar. Sprektaal en skriuwtaal beynfloedzje inoar. De bruorren Halbertsma en Waling Dykstra soargen foar standerdisearing fan it Frysk. De tragyk is lykwols dat Waling Dykstra nei syn dea rillegau fergetten wie. Troch skriuwers dy't nei him kamen, waard er ferballe nei it gebiet fan de populêre literatuer, seit Jensma.



Goffe Jensma (l) yn petear mei Waling Dijkstra. Foto Jan Bosgraaf



Hûndertste Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens

troch Jan Bosgraaf - dit ferslach stie yn 'It Nijs'.

Statutêr foarskreaune jierlikse ledegearkomsten steane der net om bekend dat se in soad folk lûke. Dochs fûnen sneon 16 maart 2024 ryklik fyftich (bestjoers)leden fan de Fryske krite om utens it paad nei it doarpshûs De Schalle yn Nijeveen (gemeente Meppel), dêr't it Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse Algemiene Gearkomste hold. Dêrta wie 'It boun', sa't it koartwei neamd wurdt, te gast by de Fryske krite 'Waling Dykstra' te Meppel, dy't hûndert jier bestiet. Foarsitter fan de krite, Ludzer van der Schors, hjitte elkenien tige wolkom en sei dat de krite tige wiis is mei de rol as gastkrite foar de hûndertste Algemiene Gearkomste.



Bestjoer fan it KFBou; f.i.n.r. Kees van der Beek, Gerrita Otten, Jan Bijkerk, Jan Vogel en Gerrit Stegenga. Foto Jan Bosgraaf

Om krekt te wêzen, it wie de earste Algemiene Gearkomste (AG) fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. De oare 99 waarden holden troch it Frysk Boun om Utens. By de betinking fan it hûndertjierrich bestean fan 'It Boun' op 16 septimber 2023 krige de foarsitter fan it Boun út hannen fan de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, Arno Brok, it predikaat 'Keninklik' útrikt. Yn syn iepeningswurd stie de foarsitter, Jan Bijkerk, noch efkes stil by dat bjusterbaarlik barren. Fierders joech er rom omtinken oan it belang fan de Fryske taal en it brûken en yn stân hâlden dêrfan, sa't yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer fêstlein is. De provinsje Fryslân spilet dêr in tige wichtige rol yn. It wurk fan de Fryske Akademy docht der ek tige ta en is, neffens Bijkerk, ûnmisber. Friezen en benammen de Friezen om utens binne grutsk op harren memmetaal.

Nei it sjongen fan it Frysk Folkliet wurdt mei de wurklist útein set. De wenstige saken, lykas de (jier)ferslaggen fan de skriuwer en de ponghâlder, it ferslach fan de rekkenopnimbers, beneaming fan bestjoersleden, ensfh. wurde mei hantsjeklappen goedkard.

Op 15 septimber 2023 bestie it Boun hûndert jier. In dei letter waard dat heuchlike feit troch sa'n 200 Friezen om utens yn it grut fierd. It Nijs hat der wiidweidich ferslach fan makke. En it heuchlike barren is kreas binnen it budget bleaun, blykt út de jiersifers.

Foar de twa fakatueren yn it bestjoer hiene twa kriteleden har beskikber steld. Soks mei wol bysûnder neamd wurde, om't it ornaris in poepetoer is om leden ree te finen in sit yn it bestjoer te nimmen.

Ynformaasje fan organisaasjes dêr't in Boun op de ien of oare wize by belutsen is, lykas Omrop Fryslân, de Ried fan de Fryske Beweging en Iepen Doek (it Boun hie in sit yn it IFAT) wurdt foar kundskip oannommen. It nijs, dat it bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging in ferjonging ûndergien hat, wurdt mei hantsjeklappen ûntfongen. Om klokslach tolve oere slút foarsitter Bijkerk mei in hammerslach de hûndertste Algemiene Gearkomste.

Nei de lunch is it tiid foar de jierlikse Moeting & Ynspiraasjemiddei, dêr't in beskaat tema oer Fryslân of it Frysk sintraal yn stiet. En wêr koe it, as jo by de krite 'Waling Dykstra' te gast binne, oars oer gean as oer de Fryske skriuwer, dichter en foardrachtskeunstner Waling Gerrits Dykstra (1821-1914). Om it libben en stribjen fan dy romrofte soan fan Fryslân út 'e doeken te dwaan, hie it bestjoer fan it Boun mar leafst trije pommeranten útnûge: oerpakesizzer Waling Dijkstra, dichter, skriuwer en literatuerûndersiker Abe de Vries en

emearitus heechlearaar Fryske taal en letterkunde dr. Goffe Jensma. De oanwêzigens fan de deputearre foar û.o. taal en taalûnderwiis fan de provinsje Fryslân, Eke Folkerts, wurdt troch elkenien tige op priis steld. As oantinken kriget hja út hannen fan foarsitter Jan Bijkerk it mânske boek 'Friezen yn 'e Frjemdte', dêr't de skiednis fan (hast) alle Fryske krite om utens yn beskreaun stiet.

It tema fan de M&Y-middei spruts de Friezen om utens sa't it liket wol oan, want der wie aardich mear flecht op 'e koai as moarns. Earst hold boargemaster Richard Korteland fan Meppel in koarte taspraak, dêr't er de krite 'Waling Dykstra' mei it jubileum yn lokwinske. Neffens de boargemaster, giet it by de Fryske krite en de Friezen om utens om mienskip, freonskip en thúskommen. De eigen taal is de taal fan it hert en dy taal kin gjin grinzen. Der moat nei stribbe wurde dat elke taal respektarre en elke kultuer omearme wurdt, beslút Korteland syn taspraak.

Yn syn earste lêzing*) (de gastsprekkers wikselje inoar ôf) nimt Goffe Jensma de taharkers mei yn de tiidmasine dy't harren werombringt nei de tiid fan de



Deputearre Folkerts. Foto KFBou - Sjoerdsje Bijkerk